

Fersen as skippyballen

„In reis troch tiid en romte”, sa wurdt dizze debútbondel – net al te orzjineel – typearre. Sytse Jansma kin byskreaun wurde yn de rige fan ‘multitalinten’, dichters dy’t oan taal net genôch ha, lykas Anne Feddema en Elmar Kuiper. Hy skriuwt en makket films.

De titel ‘Wa’t tate seit moat ek whisky sizze’ is in fariaasje op ‘Wát A seit moat ek B sizze’. Wa’t earne oan begjint, moat trochsette. It ferskil is dat hjir, behalve dy oantrún, ek in kritearium foar

folwoeksenens jûn wurdt..

De poëzij liket foar it grutste part yn in rûs skreaun te wêzen: sa assosjatyf mooglik, klearebare klankspul. Sinnen wurde samar ôfbrutsen en rinne sûnder ynterpunksje yn elkoar oer. Dizze dichter kin, sa makket er dúdlik, gjin stringen ferneare. Los dy leie, it komt sa’t it komt.

„Single malt whisky op ús tongen en yn har each in / drip ûnnoazele geilens sy

is de whisky ik it ikehouten / kleurjouwend fet safolle prosint is ús oerlibingskâns yn / dizze stêd by nacht de poëzij leit op strjitte mar neat / wittend rinne wy by it feest wei ik rûk de swiete titels lês...”

Lykwols... sa ûnbeheind is it no ek wer net: herhellings en rimelderijboartlikheden, dêr’t om de deale wol oer neitocht is, foarmje in wichtich skaaimerke fan Jansma syn styl. Opsommings as: „kninelok knineflok knyfloek knyft-